

**Ferslach fan de gearkomste fan it genealogysk wurkferbân yn kafee Wouters te Ljouwert op 30 maart 2019. Oanwêzich 20 persoanen.**

**Iepening**, skriuwer Jabik van der Bij iepenet as waarnimmend foarsitter de gearkomste. Hy ferfangt Gosse van der Plaats, dy't yn Moskou tahâldt.

**Meidielingen**, berjocht fan behindering is ynkommen fan mefr. Attema.

De datum fan de gearkomste yn maart 2020 mei de NGV is net op 30 maart mar op **14 maart 2020**.

Yn it ferslach fan de gearkomste fan 5 jan. 2019 wurdt Brouwer feroare yn Brouwers. De **ferslaggen** fan de gearkomsten op 1 des. 2018, 5 jan 2019 en 2 febr. 2019 wurde goedkard mei tank oan de notulisten.

Foar it **notulearjen** yn it nije seizoen moatte noch notulisten komme. De foarsitter wiist der op dat de notulen faak lêzen wurde en dus belangryk binne. Hy hopet dat noch in tal leden fia de mail tasizze sille om notulen te meitsjen.

Liskje Flapper is dwaande mei in ûndersyk nei Fryske **boerinnen en boeredochters** en de feroaringen yn it bûtermeitsjen yn de 19<sup>e</sup> iuw. Sy wol graach witte hoe't de boerinnen en boeredochters tochten oan dy feroaringen en tinkt dat de leden fan it wurkferbân miskien wol wat witte út famyljeskiednissen. By de útnûging foar dizze gearkomste siet ek ynformaasje fan Liskje oer dit ûndersyk. Alle leden fan it wurkferbân kinne streekrjocht in mail stjoere nei Liskje. Ien fan de oanwêzige leden sil dat dwaan. Dat der sa mear komme.

Dan is it wurd oan de sprekster fan hjoed **Titia Jippes-de Boer**. Foar it skoft sil sy it ien en oer fertelle oer **Jeppemastate yn Westernijtsjerk**. Jeppemastate stie ticht by de tsjerke en waard yn 1431 foar it earst neamd. De ienige ôfbylding is fan 1722. Titia hat fûn dat der tusken 1431 en 1767 in trochrinnende famyljebân is fan alle famyljes dy't eigener en meastentiids ek bewenner west ha. De earste famylje wie Jeppema; de lêste wie Grovestins. De earste Jeppema hat mei soarge foar de bou fan de tsjerke yn Westernijtsjerk. Doe't de famylje Jeppema gjin manlike neiteam mear hie, hat der skeel west oer de opfolging. De healbroer Feye Unema ervet mar omke Tjalling van Botnia leit dwers. Unema, dyt him ek Jeppema neamt, wurdt de nije eigener. Fan de neikommeling Romke Jeppema is net hielendal dúdlik wa't syn heit is. Nei 1540 ha de eigeners Roorda net op Jeppema wenne, omdat sy tsjinst diene yn it leger. Hans van Roorda is yn 1580 roomsk bleaun, dat hy koe net yn Fryslân bliuwe. Syn soan Ruurd wie yn it swarte skiep fan de famylje. Mar mei dy syn dochter Rixt, dy't erfdochter fan Jeppema wie, begjint der in bettere tiid, 1640-1764. Rixt hat mei har man Frederik Sirtema van Grovestins wer op Jeppema wenne. Sy kochten in soad lân, meastal stimpleatsen om sa macht te krijen. Eduarda Lucia wie de lêste út dizze famylje op Jeppema. Nei har dea yn 1764 wurdt Jeppema ferkocht en ôfbrutsen. It saneamde koetshûs is in pleats wurden.



De healbroer Feye Unema ervet mar omke Tjalling van Botnia leit dwers. Unema, dyt him ek Jeppema neamt, wurdt de nije eigener. Fan de neikommeling Romke Jeppema is net hielendal dúdlik wa't syn heit is. Nei 1540 ha de eigeners Roorda net op Jeppema wenne, omdat sy tsjinst diene yn it leger. Hans van Roorda is yn 1580 roomsk bleaun, dat hy koe net yn Fryslân bliuwe. Syn soan Ruurd wie yn it swarte skiep fan de famylje. Mar mei dy syn dochter Rixt, dy't erfdochter fan Jeppema wie, begjint der in bettere tiid, 1640-1764. Rixt hat mei har man Frederik Sirtema van Grovestins wer op Jeppema wenne. Sy kochten in soad lân, meastal stimpleatsen om sa macht te krijen. Eduarda Lucia wie de lêste út dizze famylje op Jeppema. Nei har dea yn 1764 wurdt Jeppema ferkocht en ôfbrutsen. It saneamde koetshûs is in pleats wurden.

Yn de 20<sup>e</sup> iuw hat Steatsboskbehear der foar soarge dat mei beamsingels de paden om de eardere state hinne goed te sjen wiene. Mar neidat Steatsboskbehear it terrein fan Jeppema ferkocht hat, binne beamsingels kapt. Titia hat oer Jeppemastate in boekje skreaun. Yn it **neipetear** wurdt dúdlik dat it ferdwinen fan it âlde patroan fan lân en paden spitich is. Op in fraach seit sprekster dat yn de kleasterkroniken neat oer Jeppema te finen wie.



Nei it **skoft** fertelt Titia oer it **weeshûs Tjallingastate yn Westernijtsjerk**. Fan 1541 ôf binne der wezen fersoarge yn dy pleats.

Gerbrand Mockema wie begjin 16<sup>e</sup> iuw eigener fan de Tjallingapleats. Gerbrand fersette him tsjin de Saksyske hearskers fan dy tiid en sadwaande is hy yn 1512 it libben kwytrekke. Earder wie de Tjallingapleats al oergien nei de âlden fan Kinsck van Ropta. Kinsck is op jonge leeftyd wees wurden. Sy hie gjin bern. Yn dy tiid wiene der in protte weesbern. Dat alles hat foar Kinsck wierskynlik oanlieding west om yn 1541 de stifting Tjallingaweeshûs op te rjochtsjen. De hierboer fan de Tjallingapleats hoegde gjin pacht te beteljen mar moast der wol foar soargje, dat der foar de wezen

ûnderdak, iten en klean wie. Maksimal 15 wezen koene dêr in plak fine. Der waarden yn de stiftingsbrief bestjoerders oanwiisd mar Kinsck hat oant har dea yn 1581 sels de leie yn hannen hân. Nei Kinsck har dea wiene de eigener fan trije states, te witten Ropta, Papinga en Camstra, bestjoerders fan de stifting.

Yn 1749 hat de doetiidske hierboer de twa lêste wezen fuortstjoerd omdat hy gjin frijstelling krige fan de kwotisaasjebelesting fan dat jier. Dêrmei like de ein kommen te wêzen, mar in pear mannen ha de saak op 'e nij opset. Ien fan harren wie Wybe Buma. Fan 1764 ôf wiene der wer wezen yn Tjallingastate, earst twa, letter seis mear. Yn 1804 is de hierboer Hendrik Dirks stoarn. Syn grêfskrift fertelt hoe't hy in heit foar de wezen west hat.

Yn 1856 wie it tal wezen útwreide ta 12. Mar om 1875 hinne wie it wer mis. Der wie foar de wezen net genôch te iten. De doetiidske bestjoerder Bernardus Hopperus Buma hat de wezen út Tjallingastate wei helle. Bernardus wenne yn Huzum en dêr krigen de wezen ek in plak. Tjallingastate waard en wurdt as gewoane pleats ferhierd. No wennet en buorket dêr de fam. Schuiling.

Oant 1938 is der yn Huzum foar de wezen soarge. Dêrnei net mear. Mar de stifting bestiet noch oant hjoed de dei en jout stipe oan wezen of healwezen, dy't thús of earne oars fersoarge wurde. It yn 1904 fernijde weeshûs yn Huzum is ferkocht yn 1951. It wurdt no brûkt troch de stifting Kinderzorg Fryslân. By it **neipetear** wurdt frege wêr't de namme Tjallinga weikomt. Gerben Mockema wie trouw mei Sjouk Tjallinga.

De foarsitter seit de sprekster tige tank foar alles en de gearkomste ûndersteket dat mei hantsjeklappen.

### **Omfregjen**

Meidield wurdt dat der in nij boek ferskynd is: Martenastate, proeftuin van het Paradijs, mei in ferhaal oer Anne van der Wal en syn frou en mei in ferhaal fan Ype Brouwers oer de relaasje tusken Martena's en Burmania's.

Oan de stifting Friese Rijwielstedenocht wurdt soms frege oft in pake of oerpake oan dy fytstocht meidien hat. Wa't tsien kear of mear meidien hat oan dy fytstocht tusken 1947 en 2002 stiet yn it boek Friese Elfstedenrijwieltocht 1912-2002.

De foarsitter dielt mei dat der saterdei 6 april yn Hoogeveen in gearsit is oer genealogysk ûndersyk yn Dútslân en dat op 13 april de NGV Fryslân in gearsit hat oer *Watergeuzen op de Waadeilannen*.

**Sluten**, de foarsitter wensket eltsenien wol thús en oant sjen nei it fakansjetiidrek. **Kees de Boer** (not.)

**Neiskrift** fan de ynliedster:

*“By it oprêden fan âlde mails kaam ik it ferslach fan 30 maart ek wer tsjin. Earder hie ik it wol lêzen en der is mar ien puntsje dêr't ik in opmerking oer haw: De famylje Roorda wenne net op Jeppemastate, mar dat wie net fanwege harren militaire wurk, mar omdat se op Sassingastate yn Hinnaard wennen. De lettere eigners, famylje Grovestins, wennen wol op Jeppema. Fan de lêste generaasje fan dizze Grovestinsen hawwe de mannen allegear tsjinne yn it Staatse leger (mar twa fan harren hawwe ek grietman west. Fierder in grut kompliment foar dit knap gearfette ferslach!”*

Mei freonlike groetnis,

**Titia Jippes**